**Examen VWO**

# 2022

tijdvak 1
maandag 30 mei
9.00 - 11.30 uur

## Fries

Bij dit examen hoort een bijlage.

Dit examen bestaat uit 39 vragen.
Voor dit examen zijn maximaal 48 punten te behalen.
Voor elk vraagnummer staat hoeveel punten met een goed antwoord behaald kunnen worden.

Geef niet meer antwoorden (zinnen, redenen, voorbeelden e.d.) dan er worden gevraagd.
Als er bijvoorbeeld één zin wordt gevraagd en je antwoordt met meer dan één zin, dan wordt alleen de eerste zin in de beoordeling meegeteld.

## Tekst 1 Wêr is de nije Trinus en wat as er net komt?

Yn de ynlieding boppe de tekst makket de skriuwer in ferlyk tusken in situaasje yn 1964 en ien fan hjoed-de-dei.

1p **1** Sitearje de sin dy't de oergong tusken de beide beskriuwingen fan dy situaasjes foarmet.

"Mar foar de leafhawwer wie der yn alle gefallen wol oanbod." (r. 3-4)

1p **2** Sitearje de sin út de earste alinea dy't de ynhâld fan it boppesteande sitaat it bêste stipet.

1p **3** Lis yn eigen wurden út wat de skriuwer bedoelt mei: "Yn 'e poëzy mei it noch hinnebruie, mar mei de roman hat it der wol oan." (r. 8-10)

It tekstpart "Geart Tigchelaar ... wol sawat." (r. 22-31) is in opsomming.

1p **4** Wêr steane yn de opsomming de jiertallen by de nammen foar?

*De volgende inleiding hoort bij de vragen 5 en 6.*
Yn de alinea's 2 en 3 wurde in tal redenen jûn wêrom't benammen jongerein net mei in Frysktalich romandebút komt.

2p **5** Helje út alinea 2 **trije** redenen.

2p **6** Helje út alinea 3 **trije** redenen.

1p **7** Wat is it ferbân tusken de alinea's 3 en 4?
- **A** in ferlykjend ferbân
- **B** in foarweardlik ferbân
- **C** in redenjaand ferbân
- **D** in útlizzend ferbân

Yn alinea 4 wurdt skreaun oer Fryske skriuwers yn de perioade fan rûchwei 1950 oant 1990.

1p **8** Sitearje it sinpart út alinea 4 dat it bêste oanjout wat sy berikten.

Yn alinea 4 giet it ûnder oare oer in minder hege sosjale status.

1p **9** Wêr yn de tekst hat dy status ek al oan de oarder west?
- **A** yn de ynlieding
- **B** yn alinea 1
- **C** yn alinea 2
- **D** yn alinea 3

Yn alinea 5 stiet dat immen oer yntrinsike motivaasje beskikke moat om te kiezen foar skriuwen yn it Frysk (r. 134-137).

2p **10** Hokker twa oare motivaasjes foar skriuwen yn it Frysk wurde yn alinea 5 neamd?

Yn it tekstpart dat bestiet út de alinea’s 5 en 6 giet de skriuwer yn op mooglikheden om nije skriuwers te helpen.

2p **11** Wat kin neffens de skriuwer dien wurde?
Helje út **elke** alinea **ien** idee.

Yn alinea 6 seit Meindert Reitsma: “Fansels moatte de skriuwers it úteinlik sels wolle en dwaan” (r. 154-155). Geart Tigchelaar seit yn alinea 5 itselde mei krekt wat oare wurden.

1p **12** Sitearje de oanbelangjende sin.

*De volgende inleiding hoort bij de vragen 13 en 14.*
Ut alinea 8 docht bliken dat Meindert Reitsma tinkt dat it mooglik ferdwinen fan Frysktalige romans net perfoarst betsjut dat dat ek bart mei de Fryske literatuer.

3p **13** Helje út alinea 8 trije redenen dy’t er foar dy ferwachting jout.

1p **14** Jou yn ien sin oan wat der neffens Meindert Reitsma al feroarje moat om tefoaren te kommen dat de Fryske literatuer úteinlik ferdwine sil.
Helje dyn antwurd út alinea 9.

Yn alinea 9 stiet dat it festival *Explore the North* te min oan de Frysktalige kultuer dwaan soe.

1p **15** Op hokker wize liket de organisaasje fan *Explore the North* oan dy krityk temjitte te kommen?

Reitsma praat yn alinea 10 fan “nije soerstof yn it literêre fjild te blazen” (r. 248-249).

1p **16** Hokker stylmiddel brûkt Reitsma yn dy útspraak?

**A** in hyperboal
**B** in metafoar
**C** in paradoks
**D** in personifikaasje

*Onderstaande inleiding hoort bij de vragen 17 en 18.*
“Mar it soe wolris kinne, dat sa’nen har of him manifestearret as vlogger.” (r. 250-252)

1p **17** Wat bedoelt de skriuwer mei dy sin?

1p **18** Hokker karakter hat dy ôfslutende sin?

**A** It is in ferwachting.
**B** It is in konklúzje.
**C** It is in mooglikheid.
**D** It is in warskôging.

1p **19** Hokker konklúzje past it bêste by dizze tekst?
- **A** Fryske romanskriuwers binne op leeftiid.
- **B** It oanbod fan Fryske romans rint tebek.
- **C** It tal Fryske dichters rint tebek.

1p **20** Wat is it wichtichste skriuwdoel fan dizze tekst?
- **A** lêzers ferdivedearje mei in nijsgjirrich ferhaal oer de Fryske literatuer
- **B** lêzers ynformearje oer feroarjende aspekten binnen de Fryske literatuer
- **C** lêzers oantrune om aktyf bydragen te leverjen oan de Fryske literatuer
- **D** lêzers oertsjûgje fan it feit dat it de ferkearde kant útgiet mei de Fryske literatuer

## Tekst 2 Siik fan stress

"'Te folle ynformaasje is min foar de sûnens'" (r. 1-2).

1p **21** Sitearje út alinea 1 de sin dy't de gefolgen foar de sûnens it bêste werjout.

"'Wêr binne de lytse, tankbere amerijkes dat men efkes wachtsje moast ear't men wist wêr't men hinne soe?'" (r. 35-38)

1p **22** Lis út wat Faith Popcorn mei dy sin sizze woe.

1p **23** Hoe slút alinea 2 oan op alinea 1?
- **A** Alinea 2 foarmet in skeakel nei hjoed-de-dei.
- **B** Alinea 2 formulearret in wjerlizzing fan it foargeande.
- **C** Alinea 2 yntrodusearret it stânpunt fan de skriuwster.
- **D** Alinea 2 jout in ferklearring by it foargeande.

Yn alinea 2 komt berne-ombudsman Margitte Kalverboer oan it wurd.

1p **24** Hokker nij aspekt draacht sy oan oangeande it tema 'siik fan stress'?

2p **25** Hokker twa eleminten foeget de skriuwster yn alinea 3 ta oan it byld fan stress dat sy oant dan ta beskreaun hat?

1p **26** Hokker beskriuwing past it bêste by it tekstpart dat bestiet út de alinea's 4 en 5?
De skriuwster jout wer hoe't it stresssysteem fan de minske
- **A** fan histoarysk perspektyf út te ferklearjen is.
- **B** ferskilt fan it stresssysteem fan bisten.
- **C** syn plak krige hat yn it minsklik lichem.

*De volgende inleiding hoort bij de vragen 27 en 28.*
“Neidat de fisk syn yntree dien hie, goed fiifhûndert miljoen jier ferlyn, is oan it stresssysteem fan libbene organismen net sa’n soad mear taheakke.” (r. 121-125). Yn it ferfolch fan alinea 5 nuansearret de skriuwster dy konstatearring.

1p **27** Sitearje it sinpart dêr’t de skriuwster dy nuânsearring mei oantsjut.

2p **28** Wat is de ynhâld fan dy nuansearring?
Neam de twa ûntjouwingen yn it stresssysteem.

“As ús fiere foarfaars efter in strûk in bewegend stal seagen dêr’t se in liuw yn mienden werom te kennen, dan sloech harren stresssysteem daliks oan.” (r. 137-141)

1p **29** Hoe slút it ferfolch fan alinea 5 oan op dy sin?

“mei in bytsje mazzel siet er heech en dreech yn in beam by de tiid dat de liuw him mei de bek wiid iepen besprong.” (r. 151-155)

1p **30** Hokker fan de neamde stressresponsen (r. 149-150) wurdt yn it sitaat beskreaun?

Yn alinea 6 giet de skriuwster yn op stressoaren yn de moderne tiid.

1p **31** Hoe komt it neffens de skriuwster dat dat stressgefoel hjoed-de-dei in gruttere rol spilet?

Yn de lêste sin fan alinea 6 brûkt de skriuwster it wurd ‘paradoksaal’.

1p **32** Lis út om hokker paradoks oft it hjir giet.

Alinea 7 begjint mei in fraach. Yn deselde alinea jout de skriuwster antwurd op dy fraach. Dat antwurd bestiet út twa eleminten.

2p **33** Hokker twa eleminten binne dat?

*De volgende inleiding hoort bij de vragen 34 en 35.*
Yn it begjin fan alinea 8 konstatearret de skriuwster dat it net maklik is om oplossingen te finen foar ‘it stûkjende stresssysteem.’

1p **34** Wêrom is dat net maklik neffens alinea 8?
Neam twa redenen.

1p **35** Wat kin it yndividu dwaan om stressrelatearre problemen oan te pakken?

**Let op: de laatste vragen van dit examen staan op de volgende pagina.**

*De volgende inleiding hoort bij de vragen 36 tot en met 38.*
Op grûn fan de ynhâld kinst de tekst yn trije haadparten ferpartsje:
Part 1: kommintaren op de stressproblematyk út de lêste desennia
Part 2: skets fan de ûntwikkeling fan it ferskynsel stress
Part 3: stressproblematyk yn 'e moderne tiid
Part 4: mooglikheden om mei stress om te gean

1p **36** By hokker alinea begjint part 2?
- **A** alinea 2
- **B** alinea 3
- **C** alinea 4
- **D** alinea 5

1p **37** By hokker alinea begjint part 3?
- **A** alinea 4
- **B** alinea 5
- **C** alinea 6
- **D** alinea 7

1p **38** By hokker alinea begjint part 4?
- **A** alinea 6
- **B** alinea 7
- **C** alinea 8

1p **39** Wat is de haadgedachte fan dizze tekst?
- **A** It fiskebrein jout yn prinsipe de mooglikheden om hjoeddeiske stressferskynsels te bestriden.
- **B** It minslik stresssysteem is net taret op de spanningen fan de komplekse hjoeddeiske maatskippij.
- **C** Minsken kinne troch selsûndersyk leare hoe't se omgean moatte mei stressoaren.
- **D** Stressoaren soargje yn tanimmende mjitte foar gefaarlike sykteferskynsels.

**Bronvermelding**
*Een opsomming van de in dit examen gebruikte bronnen, zoals teksten en afbeeldingen, is te vinden in het bij dit examen behorende correctievoorschrift, dat na afloop van het examen wordt gepubliceerd.*